



Donorregister
Ministerie van Volksgezondheid,
Welzijn en Sport



IT NIJE
DONORREGISTER

WAT BETSJUT DAT FOAR MY?

Yn dizze folder lêze jo der alles oer.

IT NIJE DONORREGISTER

WAT BETSJUT DAT FOAR MY?

Op 1 july 2020 is de donorwet feroare. Troch de wet wurdt it dúdlik oft jo nei jo ferstjerren wol of gjin organen en weefsels oan in pasjint jaan wolle. Bygelyks in nier, longen of hûd. As jo neat ynfolje, stiet yn it Donorregister by jo namme 'Geen bezwaar tegen orgaandonatie'. Dat betsjut dat jo organen en weefsels nei jo ferstjerren nei in pasjint gean kinne. Jo kinne dat altyd feroarje.

It is wichtich om sels in kar te meitsjen en dy te bepraten mei jo partner, famylje of freon(dinne). Dan witte sy, as jo komme te ferstjerren, hokker kar fan jo yn it Donorregister stiet. Dat makket it petear yn it sikehûs makliker foar jo partner, famylje of freon(dinne).

Kin elkenien organen en weefsels donearje?

Net elkenien kin nei ferstjerren organen of weefsels donearje. By jo ferstjerren sjocht de dokter hokker organen en weefsels brûkt wurde kinne foar in pasjint. Dochs wurdt elkenien frege in kar yn te foljen yn it Donorregister. Ek as jo âlder binne, siik binne of west hawwe, of medisinen brûke. It is altyd goed om jo kar yn te foljen. Dan witte de dokter en jo partner of famylje oft jo donor wurde wolle of net.

Hawwe jo al in kar ynfolle?

Dan stiet jo kar yn it Donorregister. Jo kinne elk momint sels yn it Donorregister jo kar besjen. Wolle jo dy kar feroarje? Dat kin altyd troch op 'e nij in kar yn te foljen.

Kar út fjouwer yn it Donorregister

Jo kinne ien kieze en ynfolje.

Wat jo ek kieze, jo kinne it altyd feroarje.



Ja, ik wol donor wurde

Jo wolle donor wurde. Jo kieze sels hokker organen en weefsels jo donearje wolle.



Nee, ik wol gjin donor wurde

Jo wolle gjin donor wurde.



Myn partner of famylje beslist

Jo wolle dat jo partner of famylje foar jo kiest, nei jo ferstjerren.



Ik wiis ien persoan oan dy't beslist

Jo wolle dat immen oars foar jo kiest nei jo ferstjerren.

Lit it dy persoan wol witte.

Hoe folje jo in kar yn?

Jo kinne jo kar op twa wizen ynfolje of feroarje.

1. Digitaal, fia donorregister.nl

Stap 1 Gean nei www.donorregister.nl en klik op 'Vul uw keuze in'.

Stap 2 Loch yn mei jo DigiD.

Stap 3 Folje it formulier yn.

Stap 4 Jo kar is fuortdaliks jildich.

2. Mei it papieren formulier

Stap 1 Helje it formulier op by jo gemeente.
Of freegje it oan by it Donorregister.

Stap 2 Folje it formulier yn.

Stap 3 Set jo hantekening.

Stap 4 Stjoer it formulier fergees op. It adres stiet op it formulier.

Stap 5 Jo ûntfange in pear wike letter in brief mei jo kar.
Fjouwer wike nei dy brief wurdt jo kar jildich.

Wat bart der as immen donor wurdt?

Orgaandonaasje is allinnich mooglik as immen yn it sikehûs stjert. Minsken dy't thús stjerre kinne allinnich weefsels donearje. As de pasjint net mear better wurde kin, beprate dokters dat mei de famylje.

Organen en weefsels wurde pas útnommen as dokters der wis fan binne dat ien ferstoarn is. It fêststellen fan de dea bart neffens strange regels. En it bart troch meardere dokters.



Wat bart der as jo gjin kar ynfolje?

Op 1 july 2020 is de donorwet feroare. Dêrtroch komt elkenien fan 18 jier ôf yn it Donorregister te stean. As jo noch gjin kar makke hawwe, ûntfange jo in brief dêr't jo yn frege wurdt om in kar yn te foljen. By de brief sit in formulier dêr't jo jo kar op ynfolje kinne.

Folje jo nei it ûntfangen fan dy brief gjin kar yn? Dan ûntfange jo seis wike letter wer in brief. Dêryn wurdt jo nochris frege in kar yn te foljen.

Folje jo nei it ûntfangen fan dy brief op 'e nij gjin kar yn?

Dan komt yn it Donorregister te stean dat jo **gjin beswier** hawwe tsjin donasje. Dat betsjut dat jo organen en weefsels nei jo ferstjerren nei in pasjint gean kinne. In dokter bepraat dat by jo ferstjerren mei jo partner of famylje. As jo famylje der tige wis fan is en útlizze kin oan de dokter dat jo wier gjin donor wêze woene, dan bart dat net.



Hawwe jo noch fragen?

We begripe dat jo der goed oer neitinke wolle.
Dêrom helpe we jo graach.

Wolle jo mei immen prate?

› Belje 0900 821 21 66 (sûnder ekstra belkosten)

Wolle jo mear ynformaasje oer it ynfoljen fan jo kar?

› Gean nei de webside: www.donorregister.nl

Wolle jo mear ynformaasje oer it donearjen fan organen en weefsels?

› Gean nei de webside: www.transplantatiestichting.nl